



# Psychology fan dyn taal Workshop!



Yn febrewaris en maart 2024 steane der wer nije workshops *Psychology fan dyn Taal* op it programma. Tinksto der wolris by nei hokker taal ast brûkst yn kontakt mei oaren? Thús, mei freonen, op it wurk, by de dokter of oan de kassa? Begjinsto automatysk yn it Nederlânsk, wylst dat miskien ek wol yn it Frysk kin? Dan is dizze workshop krekt wat foar dy.

De workshop is fleurich, mei ynhâld en foar elkenien te folgjen. In 'oars as oars' training, foar elk dy't nijsgjirrich is nei de kant fan taal dêr'tst net sa faak by stilstiest...! Foar Frysk-, Biltsk- en oare streektaal-, stedstaal en dialektsprekkers.

Wat foar dy? Of wolst mei in groep komme? It kin allegear! De workshop bestiet út ien deidiel mei opsjoneel noch in weromkom-momint. Nim kontakt op foar de mooglikheden.

Yn febrewaris is de workshop yn Bûtenpost. Yn maart yn Frjentsjer, Snits, Balk, It Hearrenfean, Drachten en Boalsert. Meidwaan is fergees!

Sjoch foar in oersjoch fan de data en om dy op te jaan op [www.taalpsychology.frl](http://www.taalpsychology.frl) of scan de QR-koade.



## Nij ferskynd: Gozert yn it Frysk



It boek *Gozert* van Pieter Koolwijk is yn 2021 be kroand mei in Gouden Griffel. *Gozert yn it Frysk* is fan 7 febrewaris ôf te keap! Selskip Jeugdtheater Frets spilet de Fryske *Gozert* yn it tēater. In hilaryske, muzikale en oandwaanlike foarstelling oer oars wēzen en akseptasje.

Oant july 2024 binne der foarstellings foar basis-skoallen én op 1 maaie in foarstelling foar elkenien! Tickets fia: [www.gozertdevoorstelling.nl](http://www.gozertdevoorstelling.nl)

## Klút & Mients ûntdekke eb en floed



Thominde Miedema út Frjentsjer is lid fan it Afûkboekpanel en lies mei har bern it boek *Klút & Mients ûntdekke eb en floed*. Mear resinsjes fan it Afûk boekpanel fynst op de website fan *heit&mem*.

Thominde: "De bern leare troch it boek hokker bisten der libje yn en by it waad, mar ek foar de âlden is it nijsgjirrich. Ik haw nije bisten ûntdutsen dy't ik sels ek noch net koe. In hiel moai en learsum boek. Wy lêze it no hast alle jûnen!"

## Sa fier as de moanne en werom

14 febrewaris is it wer Falentynsdei! Wolsto dyn leafste witte litte datsto fan him/har hâldst, dan dochst dat fansels yn de taal fan dyn hert. Tip: doch in boek kado! Of bygelyks in leaf Frysk kaartsje. De moaiste Fryske Falentynskado's fynst yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel yn Ljouwert en fansels yn ús websjop. Der sit grif wat foar jim tusken!



**Omdat ik sa wiis mei dy bin** In leafde-ful kadobokje oer de relaasje tusken mem en bern. € 6,50

**Witst wol hoe mâl ik mei dy bin?** It is net maklik is om te mjitten hoefolle ast fan ien hâldst! € 8,95

**Do draachst de leafde oan** Blomlêzing oer hoe't der troch de iuwen hinne yn Fryslân skreaun en tocht waard oer de leafde. € 35,-

**Kaarten** € 1,- it stik

**Fryske hertsjes snoepkes** (mei Fryske teksten derop) € 3,95

## Oant sjen yn ús winkel

**ADRES**  
Boterhoek 3  
Ljouwert  
(058) 234 30 70

**yfno@afuk.frl**  
**www.afuk.frl**

**@** /stichtingafuk  
**f** /StichtingAfuk

**IEPENINGSTIDEN**  
Tiisdei o/m freed  
10.00 - 17.00 oere

**Wy hawwe mei yngong fan 1 jannewaris 2024 nije iepeningstiden!**



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl) of scan de QR-koade.

## Boeketip 5

**1** **Jip en Janneke yn it Frysk**  
Annie M.G. Schmidt  
€ 29,50

Alle aventoeren fan de beukerfreontsjes Jip en Janneke binne byinoar brocht yn dit boek. In moai ynbûn boek foar lêswille dat yn gjin inkelde bernekeamer ûntbrekke mei. De fjirde printinge alwer!

**2** **Kustlijnen**  
Bert Looper  
€ 24,90

Yn *Kustlijnen* nimt Bert Looper ús mei op in tiid- en romtereis troch de wrâld fan de Fryske keunst. Net de keunst yn musea, mar de keunst dy't yn ús omjouwing oanwêzich is.

**3** **Ik bliuw by dy**  
Smriti Halls  
€ 14,99

Wêr'tsto ek hinne giest, ik bin derby. Watsto ek dochst, ik bliuw by dy. In bearegoed, grappich en leaf boek oer alles wat freonship betsjutte kin, foar alle freonen op 'e wrâld.

**4** **Bloedprikke**  
Abe de Vries  
€ 17,50

*Bloedprikke* is Abe de Vries syn 11<sup>e</sup> dichtbondel. Yn dizze bondel binne bloedprikke en poëzij skriuwe synonimen: beide kearen giet it om in pynlik útsykjen fan jins ferhâlding ta de wrâld.

**5** **De ufo's van Gorredijk**  
Taede A. Smedes  
€ 19,90

Yn febrewaris 1974 rekke it Fryske doarpke De Gordyk yn de ban fan ufo's. Yn dit sjoernalistike boek sjocht Taede A. Smedes, tegearre mei eachtsjûgen fan doe, werom op de opmerklike barrens.